2021
2022

FRYSK SELSKIP SWOL

Jiergong 50

Oan

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle

oprjochte 8 febrewaris 1899

sinds 1860
anderhalve eeuw
Kappers
gastvrij tot uw dienst
Anjerpunt
Graach oant sjen!
DU KONINKLIJKE BESCHIKKING HOFLEVERANCIER

Kerkstraat 7 | info@kappers-horeca.nl | tel. 0529 401281
7722 LR Hoonhorst - Dalfsen | www.kappers-horeca.nl | kappershoreca

Jou omtinken oan ús advertearders

It Frysk Selskip Swol wurdt stipe troch: Café Restaurant Partycentrum "Het Boskamp", Sterrebosweg 2, 7722 KG Dalfsen
www.hetboskamp.nl

piano's - vleugels - orgels - kleininstrumenten
stemmen - onderhoud - verhuur
DE GRAAF MUZIEK BV
hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87

BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42 7951 JG Staphorst 0522 464718 janendjoke@home.nl
2e foarsitter / 2e ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen 0529 433175 henmmonkel@kpnmail.nl
skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe 0570 522329 jantjerkkuipers@gmail.com
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst 0529 401683 sdabakker@outlook.com
2e skriuwer	Jolanda Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066 jolandalootens@live.nl
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle 038 4537836 annetnieuw@planet.nl

Lede-administraasje
Jolanda Lootens, Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066

IBAN rekkennûmer
NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Elburg	frou L. van der Graaf – Bosje	Paardebloem 3	0525 681135
Hattem	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegersma	Nijverheidsstraat 11	038 3311670
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931
Zwolle			
Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. Visser	Eikenlaan 12	038 4548808
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	038 4200066
Westenholte en Spoolde	frou A. Wieling - Joukema	Voorsterweg 42 – 301	038 4218525
Wipstrik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562

It Frysk Boun om Utens

Op sneon 9 oktober waard yn it tsjerklik sintrum 'de Regenboog' te Hurderwyk de jierlikse Algemiene Gearkomste (AG) en de Moetings- & Ynspiraasjemiddei fan it Frysk Boun om Utens hâlden.

Moarns, nei de ynrin mei kofje/tee en oranjekoeke, waard de Algemiene Gearkomste ôfwurke. It ferslach dêrfan komt earstdeis wol op de webside fan it Boun.

Pier Bergsma, foarsitter fan de Ried fan de Fryske Beweging, frege omtinken foar it brûken fan it Frysk en rekommandearre it tydskrift 'DE NIJE' by de oanwêzigen oan *(sjoch ek side 12).*

Nei de AG wie 't tiid foar de lunsj en hie elts de kâns om by te praten.

Yn it earste part fan it middeisprogramma hâlde 'Waadkeninginne' Lutz Jacobi, direkteur fan de Waadferiening, in nijsgjirrige lêzing oer ferskillende fasetten fan it waad en de Waadferiening.

De twadde helte fan de middei wie tagelyk in middei fan de Fryske Krite 'Meiinoar Ien' fan Hurderwyk. 'Skûtsjekening' Age Veldboom (ferteller) en de musisy Ella de Jong en Herman Woltman brochten de foarstelling 'Myn Skip' oer de skiednis fan it skûtsje, it libben en it wurk op in skûtsje oant en mei it skûtsjesilen.

Alles mei-inoar wie it in tige slagge dei.

De jubileumkommisje fan it Boun wurket oan de betinking fan it **100-jierrich bestean** fan it Boun op sneon 16 septimber 2023.
Dat duorret noch 2 jier, mar de piketpeallen binne al slein.

Mear ynformaasje oer it Frysk Boun om Utens en oer de by it Boun oansletten kriten op 'e webside fan it Boun: www.fryskbutenfryslan.frl

MEIDIELINGENBLED FAN IT
FRYSK SELSKIP SWOL
Jiergong 50
nûmer 2
Oprjochte 8 febrewaris 1899
slachtmoanne 2021

FERBINING

Op 'e kop ôf 20 moanne nei de jûn mei 'De man fan dyn libben', op 29 febrewaris 2020 yn Het Anker, kamen we einliks wer in jûn byinoar. Mei 65 minsken sieten we yn 'De Weijenbelt' by de foarstelling 'Wat soesto!'. Om't we inoar yn sa'n lang skoft net sjoen hiene, seagen we nei dizze jûn út. We wiene bliid, dat it wer koe. Faaks noch in bytsje ûnwennich om't de Koroana-QR-koade scand wurde moast en we ús efkes ôffregen, hoe't we inoar begroetsje soene, we wienen wer by-elkoar. De ferbining wie der wer. En dat fielde goed. As it oan ús leit, bart dat dit winterskoft faker. Mar we witte no, dat soks net fanselssprekkend is.

Dat witte de eksploitanten fan hoarekabedriuwen, bioskopen, teäters, ensfh. ek mar al te goed. En de behearders fan tsjerken kinne dêr ek fan meiprate. Moannen oanien bleaunen restaurants, bioskopen, teäters en tsjerken leech.

Yn gearwurking mei de Ried fan Tsjerken yn Fryslân stjoert Omrop Fryslân sneintemoarns om tsien oere in tsjerketsjinst út. Eltse moanne út in oar plak wei; Frjentsjer, Drachten, Dokkum, De Gerdyk, Jorwert, Warkum, De Jouwer, ensfh. Dêrby is it opfallend, hoe faak der in oekumenyske tsjinst hâlden wurdt. Kenlik hawwe minsken dêr yn dizze koroanatiid mear ferlet fan as gewoanwei, wannear't elts nei de 'eigen' tsjerke giet. Minsken fiele harren no ienris mear mei-inoar ferbûn yn drege en minne tiden, as yn in tiden fan foarútgong.

Yn eltse tsjerketsjinst op Omrop Fryslân wurdt in kears oanstutsen. **De kears fan ferbining**, dy't hjirnjonken stiet. De kears reizget sa troch hiel Fryslân. En op alle plakken wurdt er oanstutsen. As symboal fan ferbining tusken himel en ierde en fan ferbining tusken minsken, wêr't se op 'e wrâld ek binne. In moedich flakkerjend flamke, dat nei alle kanten ljocht útstrielet en in gefoel fan hoop, leafde en waarmte jout.

Alfêst in hiel goede Kryst tawinske.

Jan Bosgraaf (foarsitter)

WAT SOESTO!

freed 29 oktober 2021
De Weijenbelt, Zwolle
'WAT SOESTO!' mei Freark Smink en Klaasje Postma
Regy Jos Thie
65 besikers

As jonkje wie Freark Smink der grutsk op dat er in boeresoan wie, mar dat gefoel is er kwytrekke. *'Dat sit my dwers'* seit de akteur. *'Ik tocht: dêr moat ik oer skriuwe.'* En dêr is Smink, mei help fan û.o. Geert Mak, Bouke Oldenhof en Klaasje Postma by útstek yn slagge. *`Ik bin in boeresoan. Myn pake wie boer, myn heit wie boer en ik bin it. Dêr bin ik grutsk op. Niks mear, niks minder.'*, sa begjint Freark Smink, as Frans van der Goot, syn relaas oer syn libben as

boeresoan en as boer yn de hjoeddeiske maatskippij. Foar de jonge Frans wie it libben op 'e pleats fan syn âlders dreech en swier. Mem hie in hekel oan rûzje, besocht altyd te skipperjen en har soan te beskermjen. Heit hearske mei in tige straffe hân en wie ek nochris o sa koart foar de kop. *' Ik ha wolris lêzen dat je as bern je eigen âlders útsykje. As dat sa is, dan ha ik raar yn 'e war west.'*, seit Frans. No't heit út 'e tiid is, buorket Frans allinnich troch en freget er him ôf, wat men hjoed de dei eins fan in boer ferwachtet. Boppedat hat er de noed en soarch foar syn demintearjende mem. En syn dochter hâldt him in spegel foar.

Sa waard 'WAT SOESTO!' in ynkringende foarstelling, mei hiel oandwaanlike sênes. Dan koe men in spjelde fallen hearre. Der waard lykwols ek lake, want it ferhaal en de sênes wiene trochfrissele mei moaie, subtile humor. De wize wêrop't de beide akteurs boer Frans en syn mem ta libben brochten, wie fan grutte klasse. As Frans fertelt, hoe't er as jonge langút yn it gêrs lei en nei de fûgels harke, kin elts him dêr in foarstelling fan meitsje. En as er praat oer de regeljouwing dêr't de boeren hjoed de dei mei te krijen hawwe, dan wit elts ek wêr't er it oer hat. Mei syn ferhaal naam Smink (alias Frans) syn publyk op sleeptou. Men woe neat misse. Allyksa libben de taskôgers mei syn mem mei. It hâlden en dragen fan Klaasje Postma, as âlde demintearjende frou mei sa no en dan heldere mominten, wie libbensecht. Oardel oere prate freget hiel wat fan in spiler. Oardel oere yn haadsaak stil spul spylje likegoed. Hulde! As leden fan it Frysk Selskip Swol hawwe we in bysûndere en prachtige jûn meimakke. *(JB)*

OMSKRIUWING KRYSTPUZEL:

1 de fjouwer wiken foar kryst
2 hjir waard 'Stille Nacht' foar it earst opfierd
3 symboal fan frede en leafde
4 wenplak fan Joazef en Marije
5 bist dat Amearikanen mei kryst ite
6 rindier fan de krystman
7 in 'wize út it Easten'
8 hy sette de earste libbene kryststâl op
9 krystbeamferljochting
10 typysk Ingels krystgerjocht
11 Bibelske paadwizer
12 kening oer Judea yn it jier 0
13 helleborus niger of kristusblom
14 betsjutting fan 'Bethlehem'
15 boude de 'Bertetsjerke' yn Bethlehem
16 foerbak foar bisten
17 rûn koekje mei sûker en mangelsnipels
18 skieppehoeder
19 Joads lochtsjesfeest
20 skreaun troch Johann Sebastiaan Bach
21 feest op de foto hjirnjonken
22 berteplak fan de krystman
23 ingel dy't de berte fan Jezus oankundige
24 berop fan Joazef
25 winsk foar it nije jier

Wa't de goede oplossing fan dizze krystpuzel ynstjoerd makket kâns op in priis.
Leden en bestjoersleden kinne meidwaan, útsein Djoke en ik. Logysk dochs?!

Under de goede ynstjoerings wurde 3 oranjekoeken ferlotte. De 1ste priis de grutste, de twadde priis wat lytser en de tredde priis wer wat lytser.
It útlotsjen dogge we op ús earste middei of jûn yn 2022.
Wa't útlotte wurdt en der dy middei/jûn net is, komt dêrmei op 'e kâlde kofje. Want de oranjekoeke wurdt net thús besoarge. Dan wurdt der gewoan op 'e nij útlotte.

Stjoer foar 25 desimber de oplossing fan de krystpuzel yn troch in mailtsje nei frykselskipswol@gmail.com of in briefke nei Smitserf 42, 7951 JG Staphorst.
(JB)

KRYSTPUZEL

1					1	3																	
2				2	1			2															
3				3			3	4															
4	1				2		3																
5							1																
6	2	4																					
7				3					2														
8		2		1					4				1										
9				2																			
10			4			4				1													
11		3			2																		
12			2																				
13		2			3	2																	
14		2				4																	
15			1		3		1	3		1				2		3							
16		2																					
17		2			3		2		1														
18						2																	
19				1																			
20				1				3			2		3		2		4						
21		4								3													
22	2				1																		
23				2																			
24	3					2			1														
25										1				1									

De omskriuwingen stean op de side hjirnjonken.

Deselde sifers hawwe de deselde letters.

De letters yn de arsearre hokjes foarmje, as se yn de goede folchoarder set wurde, in winsk.

Krystmiel 2021

Tongersdei 9 desimber 2021 om 18.00 (seis) oere
yn Café Restaurant 'De Mol', Heinoseweg 32, Zwolle
(➔ ynrin fan 17.30 oere ôf)

Wa't mei-ite wol, moat him/har **foar 28 novimber !!! opjaan**.

It krystmiel is njonkelytsen in fêst ûnderdiel wurden fan ús winterprogramma. Op 9 desimber wurdt it de 13e kear. Lekker ite (4 gongen), gleske wyn of wat oars der by en moaie muzyk en sang. Leden dy't ien kear west hawwe, komme dan ek grif wer.

It kostet mar **€ 25.= de man/frou**. Freegje net hoe't it kin. Gewoan opjaan!

Dat kin mei in mailtsje nei frykselskipswol@gmail.com of troch ûndersteand strypke yn te foljen en nei ús ponghâlder te stjoeren;
Sjoerd Bakker, Koelmansstraat 10, 7722 LX Hoonhorst.

Binne jo allinne en wolle jo graach in famyljelid of freon(dinne) meinimme, dy't gjin lid fan ús selskip is, dan kin dat. Foar dyjinge jildt in priis fan **€ 40.=.**

Foar 28 novimber opjaan !!! *en it jild oermeitsje op bankrekken NL95 RABO 037.73.37.366 fan it Frysk Selskip Swol.*
Set der foar alle wissichheid efkes by as it om 1 of 2 persoanen giet.

✂ ----------

Ja! Ik kom / wy komme op tongersdei 9 desimber 2021 nei it **krystdiner** yn Restaurant 'De Mol' en meitsje it jild oer op de bankrekken fan it Frysk Selskip Swol IBAN rekkennûmer NL95 RABO 037.73.37.366

Namme(n): .....

Adres en wenplak: .....

Tillefoan: .....

Dieet op medysk advys? .....

TESTAMINT FAN DE SIEL



Koartlyn is it nijste boek fan **Hylke Speerstra** utkommen:.'Testamint fan de siel'.

Twa jonges belibje, alhiel los fanelkoar, in ferskriklike jeugd. De iene yn it Fryske wetterlân, de oare tusken in keppel mislearre ymmigranten op de Kanadeeske prairy. As bern wurde se oan harren lot oerlitten, mar se sette troch. Beide meitsje se karriêre en fine de leafde. Wat se trochmakken en harren pleaget ferswije se.

Oant se wer allinne komme te stean en yn Kanada as âlde mannen mei-elkoar yn 'e kunde komme. Se reitsje oan de praat en fertrouwe elkoar ta wat se noait kwyt woene. By tafal komme se derachter dat harren hertferskuorrende libbens ferweven binne …

ISBN: 9789056157630 Utjouwer: Bornmeer Ynbûn € 29,90

WINTERSKOFT 2021-2022

Tongersdei 9 desimber 2021 krystmiel

Freed 21 jannewaris 2022
nijjiersmiddei mei skriuwer / muzikant Hein Jaap Hilarides oer sy nijste boek 'Beppe Xenia'

Foar in middei of jûn yn maart wurdt ynfolling socht.

Op 8 april is de ledegearkomste en op 24 april 2022 de Fryske tsjerketsjinst.

Fan âlds is de **Folkshegeskoalle op Skylge**, smûk ferskûle yn it Hoarnske Bosk, in sintrum fan moetsjen, besinnen en kultuer. Inkele fan ús leden komme dêr elk jier. Om te sjongen, te skriuwen, te kuierjen of om putsjes te dwaan.
Yn 2021 is der wer in grut ferskaat oan alderhande kursussen: skilderjen, byldhouwe, mandela tekenje, dûnsje, sjonge, skriuwe, Fryske taal, besinning lykas yoga, meditaasje, mindfulness, Zen, natoertochten, ensfh..
Wa't mear witte wol oer alles wat der op 'e Folkshegeskoalle Schylgeralân te rêden is, kin terjochte op webside *www.folkshegeskoalle.frl*

De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân** (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en televyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside *www.omropfryslan.nl/freonen* of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

*Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180.*
Of stjoer in e-mail nei freonen@omropfryslan.nl
Oanmelde fia de webside kin ek.

KROMPAED BRÊGE

It brechje oer it rivierke de Trigreppel yn it Krompaed by Akkrum is in saneamde flapbrêge. Oer it brechje kaam men yn 'e lannerijen dy't ta 'Vegelin-' of 'Sminiastate' hearden. Yn 1894 baarnde dizze buorkerij foar in grut part ôf. Allinnich it hege foarhûs, Krompaed 2, bleau stean. Op 'e fûnaminten waarden lytse wenningen oanboud. Eartiids wiene der trije suver gelikense flapbrechjes oer dit part fan de Trigreppel, tusken de Meinesleat en de Polsleat. Dêr binne no noch twa fan oer. It brechje yn it Krompaed is yn 2011 troch frijwilligers folslein fernijd, mei stipe fan in grut tal ynstellingen, bedriuwen en partikulieren.

Oer it ûnstean fan de namme 'Akkrum' bestiet in moai ferhaal. Der wiene twa reuzen, sa wol de legende, Kromme Knilles en Manke Meine, dy't oait tegearre in feart groeven. Se giene sa yn harren wurk op, dat se net yn 'e gaten hiene dat se fan de rjochte line ôfweken. Earst doe't Manke Meine achterom seach, seach er de bochten dy't se groeven hiene en rôp: 'Ach, krom!' Boeren dy't him hearden, fûnen dat wol moai klinken en joechen harren nedersetting de namme Akkrom. Mar de twa reuzen krigen rûzje en giene tenei elts in eigen kant út. Meine groef in kearsrjochte feart nei de Terhernster Puollen en de Snitsermar; de Meinesleat. De wat minder koersfêste Knilles dolde fierder nei it noarden; de Kromme Knilles. Dat wetter komt by Aldskou út yn it Prinses Margriet-kanaal, dat mids de 20ste iuw groeven is.

De reuzen binne yn kortenstiel feriuwige en steane tegearre oan 'e râne fan Akkrum, by it plak dêr't de Friezen in nûmerke graafwurk ferrjochte hawwe, dêr't de beide reuzen in puntsje oan sûgje kinne; it Leppe-akwadukt yn de Boarn oer de rykswei A32.

(JB)

Kromme Knilles en Manke Meine

Yn it foarige krantsje (Jiergong 50, nûmer 1) ha'k in stikje skreaun oer **Kneppelfreed** op 16 novimber 1951. De oanlieding ta dizze kampslach op it Saailân yn Ljouwert wie de 'striid' om erkenning fan it Frysk as offisjele taal yn de rjochtseal. Dat dit tema noch altyd tige wichtich is docht bliken út de berjochten rûnom de tolken. Troch it net beskikber wêzen fan Frykse tolken rint 70 jier nei Kneppelfreed it rjocht om it Frysk te brûken yn'e rjochtbank en gerjochtshôf gefaar. Dizze moannen is der in foarstelling oer Kneppelfreed op lokaasje; it Paleis fan Justysje yn Ljouwert. Sjoch www.pier21.nl.

Goed fjouwer jier letter, op 11 maaie 1956, waard de 'Wet gebruik Friese taal in het rechtsverkeer' oannommen, 'houdende enige regelen betreffende het gebruik van de Friese taal, in het bijzonder in het rechtsverkeer.' Dy wet hat goed 57 jier fan krêft west. Op 2 oktober 2013 kaam de 'Wet gebruik Friese taal' der foar yn't plak, 'houdende regels met betrekking tot het gebruik van de Friese taal in het bestuurlijk verkeer en in het rechtsverkeer.' Mei it Ryk is ôfpraat, dat der om de fiif jier mei de provinsje Fryslân in nije bestjoersôfspraak makke wurde moat oer it Frysk. **Kneppelfreed** hat dus fertuten dien.

Wat de erkenning fan it Frysk oangiet, binne we der yn de ôfrûne 70 jier dus aardich op foarút buorke. Dêr hawwe hiel wat organisaasjes yn Fryslân har ek tige foar ynset. De provinsje Fryslân, de Fryske Akademy, Afûk, Tresoar en de Ried fan de Fryske Beweging om mar inkelde ynstânsjes te neamen. En dochs moatte we noch altyd wach wêze, dat we de 'striid' tsjin de Hollânske taal net ferlieze. In foarbyld dêrfan is it projekt 'Fan Underen Op: mei taal oan 'e haal', dêr't de Ried fan de Fryske Beweging mei kaam yn it ramt fan it Kulturele Haadstêdjier 2018. Om ûnbekende reden waard der troch de direkteur fan in LF2018-ûnderôfdieling in streek trochhinne setten.

As we lykwols sa'n 200 jier of noch fierder tebek gean, koenen fierwei de measte Friezen harren eigen taal net lêze. Yn de provinsjale ferienings- en poadiumkultuer sloech deftich Hollânsk foar master op; op soirée's, yn rederikerskeamers, op it toaniel, ensfh. Sa't Frânsk yn de 17e, 18e en 19e iuw de taal fan de Europeeske en ek Nederlânske elite wie, sa waard der yn Fryslân op ferskillend mêd meast Hollânsk praat; bygelyks yn 'e keunst en kultuer, de polityk en yn 'e tsjerken.

(ferfolch op side 7)

Fries om utens

Oh ja 't is wier, ik fiel my hjoed
Hiel oars as oars, begryp my goed
Myn hûs stie oeral op'e wrâld
Gjin plak wêr't ik sa fan hâld
Ik stiel herten, die oaren sear
Makke freonen, ferlear in pear
De leste dagen bin ik bang
Dat ik sa nei dy ferlang

(Shantykoar Rolling Home)

Al jierren sjonge de leden fan it **Frysk Sjongkoar Swol** mei in soad nocht en wille Fryske lieten.

Freedtemoarns om 10 oere repetearret it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte). Boppedat fersoarget it koar sa no en dan in optreden. Bygelyks by it Frysk Selskip Swol mar ek bûten Zwolle. Ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in âldereinhûs earne yn Fryslân. En yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Leden fan it koar hoege gjin lid fan it Frysk Selskip Swol te wêzen. Se hoege de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As se mar yn 't Frysk sjonge! Elts dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.
Elts dy't graach sjonge mei, kin lid wurde fan dit entûsjaste koar. Of kom earst ris nei in repetysje. Dat jout fierders gjin ferplichting.

Frysk Sjongkoar Swol

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken

Douwe Boersma	***foarsitter / skriuwer***	***0523 – 656802***
Jolanda Lootens	***ponghâlder***	***038 – 4200066***
Jelma Wiegersma	***diriginte***	***038 – 3311670***

(JB)

OPLOSSING PUZEL NIJSBRIEF 2021 NR 5

Yn de nijsbrief fan septimber stiet in puzel, dêr't, as er goed ynfold is, as oplossing de namme fan in bekend wettergebiet yn Fryslân útkomt. Dat binne de **Terkaplester Puollen**.

Hoefolle fan jimme oan't puzeljen slein binne, wit ik net. **Freerk Kunst** yn elts gefal wol. En hy hie it goed!
Mar dat net allinich, Freerk stjoerde ek in stikje út it Friesch Dagblad fan 25 septimber 2021 ta. Dêryn beskriuwt drs. Pieter Duijff, leksikograaf en taalkundige by de Fryske Akademy, hoe't de namme Terkaple ûntstien is. Om't dit stikje sa moai by de puzel oanslút, folget hjir de tekst.

(JB)

'Yn de midsiuwske tsjerkelist stiet tusken allegearre oare plaknammen dy't wy no noch hawwe yn sierlike letters 'Cappelghe'. Dat is tagelyk de âldste oerlevering fan namme fan it doarp Terkaple yn de gemeente De Fryske Marren. Yn 1477 komt de koartere namme 'Capla' al foar. De stap fan de einichste a nei de e fan no is hielendal net sa grut. In folle klank wol no ien kear maklik ta in swakke e ferfalle. As men in plaknamme yn de mûle nimt, dan is dat gauris om in plakoanstutting te jaan. Immen is yn plak X. Sadwaande kaam hiel faak de namme 'Kaple' foar yn kombinaasje mei it plakoanstjuttende wurdsje 'ter'. Op in stuit hat dat him oan de oarspronklike namme 'Kaple' hechte en is de doarpsnamme bliuwend 'Terkaple' wurden.
Ut de tsjerkelist fan 1275 kinne wy helje dat it doarp yn de twadde helte fan de midsiuwen al bestie. De namme is ûntliend oan in kapel neist it hûs fan de famylje Oenema út Akkrum. In kapel is in soarte fan lytse roomske tsjerke dy't net de status fan in parochytsjerke hat. Winliken giet it dus om in soarte fan ûndertsjerke sûnder de rjochten fan in parochytsjerke. It wurd is ôflaat fan it Latynske wurd 'capa'. Yn it midsiuwske Latyn bestie it wurd 'capella' dat in ferlytsingsfoarm fan 'capa ' is. Fan komôf betsjut 'capa' 'mantel'. It wurd komt ek yn it Aldfrysk foar as 'kapelle', ek wol stavere mei in c.
Der binne folle mear plakken dy't it wurd 'kapel' yn de namme hawwe. Foarbylden binne Westkapelle yn Seelân, dat mooglik yn de tiid fan de Wytsingen al bestie, De Kapel en Kapel yn Noard-Brabân en Kapel yn Gelderlân. Yn Fryslân stiet Terkaple, in doarp mei sa'n twahûndertfiifentweintich ynwenners, ek net alhiel allinnich. In buorskip dat ûnder Rinsumageest falt, hjit noch altyd 'De Kapelle' . Op dat plak hat earder ek in kapeltsje stien.'

Us Boekewinkel

Dit plaatsje symboalisearret de wize wêrop't wy jierrenlang op ús boekewinkel past hawwe. Mei hert foar de saak.

De lêste jierren rint de hannel lykwols hurd efterút. Om net te sizzen, dat er hast stil leit.

Dêrom gean de nije boeken ek foar in habbekrats – **de helte fan 'e helte** – de doar út en komme der gjin nije boeken foar yn 't plak. De healsliten boeken binne foar ien of in pear euro te keap. De ferkeap, al is dy ek noch sa lyts, bringt fansels in bytsje jild yn 't laatsje, mar it wurk dat ús boekhannelers Jolanda Lootens en Jan Tjerk Kuipers dêr mei hawwe, stiet eins net mear yn ferhâlding ta dy opbringst. We sjogge it dit winterskoft noch oan, mar de kâns bestiet dat we dêrnei mei de boekhannel ophâlde.

Dêrom nimme we fan no ôf gjin healsliten boeken mear oan!

Jiergong 50



Yn it 1ste krantsje fan de 50ste jiergong stean de omkaften fan de krantsjes yn de ôfrûne 50 jier. Fan 1972/73 oant en mei 1997/98 stie der op it omkaft in tekening fan de provinsjegrins, de flagge, in tsjerketoer en in skûtsje. Ik ha my wolris ôffrege wa't dat betocht en tekene hat. Ik haw der lykwols noait nei frege.



Mar no wit ik it ! Alteast wêr't de tekener syn of har idee wei komt. It kin hast net misse, as dyjinge hat it boek 'Rimen en Teltsjes' fan de bruorren Halbertsma der by hân. Dat boek kaam ik okkerdeis thús tsjin, doe't ik socht nei boeken dy't útjûn binne troch Djoke har pake; Firma J. Kamminga yn Dokkum . It is de fiifde printinge fan 'Rimen en Teltsjes', útjûn yn 1918 troch R. van der Velde te Ljouwert. Op it omkaft en de titelside stiet dizze tekening.

(JB)

ferfolch fan side 5)

Yn it begjin fan de 20ste iuw waarden de earste Fryske preken hâlden; bygelyks troch dr. Geart Aeilco Wumkes op 3 jannewaris 1915 yn de Johannestsjerke yn Tzum. Doch bestean der hûndert jier letter noch altyd reserves tsjin it Frysk yn tsjerken, skreau it Friesch Dagblad yn in artikel op 23 maaie 2015.

Dat gie oars mei de keunst en de kultuer, benammen op it mêd fan skriuwen en toaniel. Der binne tsientallen Fryske skriuwers dy't hûnderten, tûzenen Fryske boeken en dichtbondels skreaun hawwe. Der waarden Fryske literêre selskippen oprjochte en Fryske kriten yn en bûten Fryslân. Fryske tiidskriften kamen en gienen ek wer. Wylst earder Hollânske toanielstikken spile waarden, kamen der fan 1859 – 1860 ôf Fryske toanielsikken op 'e planken. Hoefolle Frsyke amateurtoanielselskippen hawwe der wol net west? Hoefolle Frysktalige stikken hawwe ferskillende toanielploegen by ús selskip wol net spile? En ek it Fryske beropstoaniel 'Tryater' stie yn de 2e helte fan de foarige iuw gauris by ús op 'e planken.

Waling Dykstra

Op 14 augustus wie it 200 jier lyn, dat Waling Gerrits Dykstra yn Froubuorren te wrâld kaam. Syn pake en heit wienen bakker. Waling moast it bakkersfak ek leare. Yn 1840 naam er de bakkerij fan syn heit oer en waard er bakker yn Spannum. Hy hie lykwols mear belangstelling foar literatuer en waard ynspirearre troch de Fryske folksferhalen en gedichten dy't fan 1834 ôf troch de bruorren Eeltsje en Joost Halbertsma publisearre waarden.

Foar syn 18e hie Waling Dykstra al inkelde Fryske ballades skreaun. En yn 1860 begûn Waling Dykstra, mei syn maat Tsjibbe Gearts van der Meulen, mei it romrofte 'Winterjounenocht'. Dêr hiene de mannen, en Dykstra letter ek mei Gerben Colmjon en dêrnei Auke Boonemmer, 25 jier lang rûnom yn Fryslân en oeral dêr't Friezen wennen, grut súkses mei.

Om 1900 hinne ûntstie in Fryske poadiumkultuer dy't eleminten fan toaniel en muzyk oan dy earste foardragerij taheakke. Dat wie de oergong nei it hjoeddeiske kabaret, dêr't Tetman de Vries en Rients Gratama ferneamde fertsjintwurdigers fan wiene.

Tsjintwurdich wurdt gebrûk makke fan alderhande oare bylden, media, techniken, ynstruminten, boadskippen, ensfh. Mar op syn minst binne der twa oerienkomsten: it sil yn it Frysk en it sil de minsken wat sizze.

(Basearre op in artikel yn 'DE NIJE')

(JB)

SLACHTETILLE

In tille is in lytse hege houten brêge, dy't ek wol heechhout of oerstap neamd wurdt.
Dy lêste beneaming past hiel goed by de Slachtettille. Al hat er neat fan in houten brêge, heech is er perfoarst wol. Mei syn 20 meter hege pyloanen en tuibôgen waard er yn 2008 teplak set en wie fan dat stuit ôf in tige yn it each springend ferskynsel foar it ferkear op 'e A31, de rykswei tusken Ljouwert en Harns.
De Slachtetille, dy't eins in fiadukt is foar fuotgongers, ferbynt ter hichte fan de buorskip Getswerdersyl twa kuierpaden dy't diel útmeitsje fan de rûte fan de Slachtemaraton. Dizze hurdrin- en kuiertocht fan goed 42 kilometer oer de âlde Slachtedyk fan Easterbierrum nei Easterwierrum, waard foar't earst hâlden yn 2000 yn it ramt fan 'Simmer 2000'. Fan doe ôf wurdt de Slachtemaraton ien kear yn 'e fjouwer jier hâlden. Al hat it Koroanafirus yn 2020 de boel yn't hûndert jage. De earste twa kear dat de tocht hâlden waard, yn 2000 en 2004, moasten de dielnimmers boppe Frjentsjer omrinne om 'e rykswei A32 oerstekke te kinnen. Foar de edysje fan 2008 krige de Grouster arsjitekt Rein Hofstra fan de doetiidske gemeente Frjentsjeradiel opdracht om in brêge oer de rykswei te ûntwerpen, sadat de kuierders de eksakte rûte fan 'e âlde Slachtedyk folgje kinne, In prachtige rûte! En wêr't jo ûnderweis net komme! Bygelyks troch de buorskip Swarte Beien. Ik hie der noch nea fan heard.

(JB)

Freark Smink set mei 'WAT SOESTO!' de kroan op syn ymposante toanielkarrière. Yn dit boek fine jo de Fryske teatertekst en de oersetting yn it Nederlânsk.



Boppedat skreau Geert Mak in wiidweidich essay oer Smink en kuieret hy oan de hân fan dit ferhaal troch de ûntwikkelingen yn de lânbou en yn Fryslân.

Bouke Oldenhof skriuwt oer toanielskriuwen en it ûntstean fan dit stik. It boek jout derneist in oersicht fan it toanielwurk fan Freark Smink, yllustrearre mei prachtige foto's út de âlde doaze.

ISBN: 9789056157395.
Auteur: Freark Smink
Paperback. Bledsiden: 160
Priis: € 15,--
Utjouwer: Bornmeer

As it de boer goed giet, giet it alle minsken goed.

Nei ôfrin fan de foarstelling 'WAT SOESTO!' yn Sondel (it berteplak fan Freark Smink) hat Geert Mak it boek 'WAT SOESTO!' oerlange oan syn freon Freark Smink.
Mak hat tegearre mei Bouke Oldenhof, Ben van der Knaap, Jos Thie, Klaasje Postma en de produsint fan 'WAT SOESTO!' David Lelieveld fan Pier21 de akteur begelaat wylst er oan it skript wurke. Sy ha syn ferhaal lêzen en him advys jûn. Yn it boek stiet de tekst fan it stik, yn it Frysk en der is in Hollânske oersetting.

(boarne: Leeuwarder Courant)

De Ried fan de Fryske Beweging (RfdFB) is de belange-organisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en har ynsette foar mear romte foar it Frysk en de Fryske kultuer.

De Ried is dwaande mei tal fan saken dy't it fan belang achtet foar it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk.
Dat docht de Ried ûnder oaren troch oerlis mei de polityk, organisaasjes te stypjen dy't itselde neistribje, kontakt te sykjen mei ynstânsjes dêr't mear omtinken foar it Frysk fan frege wurdt en troch de aktiviteiten fan de Ried yn de publisiteit te bringen.

De Ried is mei-organisator fan de *Fryske Reklamepriis* en de *Fedde Schurerlêzing*. Fierder rikt de Ried ien kear yn 't jier *de Fear yn 'e Broek* út en wurde no en dan *Plombrieven* stjoerd nei persoanen of ynstânsjes dy't har op in bysûndere wize ynsette foar it Frysk.

De Ried hat inkele websiden om minsken yn de kunde komme te litten mei it Frysk. De nijsside *www.itnijs.frl* bringt alle dagen wrâldnijs yn it Frysk, nijsgjirrige kollums en bysûnder nijs oer it Frysk. In oare side fan de Ried, *www.startside.frl* is de poarte nei Frysktalige websiden en organisaasjes foar de Fryske taal en kultuer op it wrâldwide web. De Ried is wakker aktyf op it ynternet. Sa is de Ried ek te finen op Facebook en Twitter.

Sûnt 2019 jout de Ried ek in folslein Frysktalich magazine út, **DE NIJE**. In 'glossy' tydskrift mei nijsgjirrige artikels oer allerhanne ûnderwerpen, dat 4 kear jiers ferskynt. In abonnemint kostet € 17,50. Stipers fan de Ried krije DE NIJE fergees.

Gean foar mear ynformaasje of fragen nei de webside *www.fryskebeweging.frl*

Der sitte ûnder ús leden grif lêzers fan 'It Nijs', it digitale wykblêd mei wrâldnijs yn it Frysk. Mar ek mei nijs út de Benelúks en út Fryslân. Allerhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei moaie kollums), sport, ferdivedaasje en waar. It Nijs wurdt al troch mear as 6.000 minsken lêzen. Wa't der ek niget oan hat, kin him har opjaan fia de webside *www.itnijs.frl*.

FRYSK SELSKIP SWOL

Hûs om stil te wurden

Ut strjitten baltend en balstjoerich
ha ik in wei, in taflecht socht;
ik fûn, it hert benaud en roerich,
in timpel boud út ademtocht.

Ut floed fan wurden bin ik kommen,
om tichter bij de kleare wel;
net om mij del te jaan yn slomme
mar stil te wêzen yn mijsels.

Hjir is de taal net blyn fan hate
en sjoch ik wa't ik werklik bin,
yn stilte dy't befrijt, ûntwapent:
in stim dy't sprekt fan djipper sin.

It feilich masker mei trochmidden,
ik toan mijsels in wier gesicht;
wylst - iepenlizzend - hannen bidde:
ûntfangend, warleas, flinterlicht.

Ik fiel mij nijbetocht, feroare,
it yl, de siel alhiel trochblet;
ik gean, wer mins as oait tefoaren,
de wrâld yn mei in sjongend hert.

(E.Dam)

Tongersdei 9 desimber 2021 om 18.00 oere (ynrin fan healwei seizen ôf) yn Café Restaurant "De Mol" te Swol

Heinoseweg 32, Zwolle

krystmiel

en (as it slagget) mei meiwurking fan it

'Frysk Sjongkoar Swol'

Noch net opjûn foar it krystmiel? Doch dat dan daliks! Sjoch op side 3.

DIZZE JUN IS DER GJIN BOEKETAFEL MAR WOL IN FERLOTTING MEI MOAIE (KRYST)PRIZEN !!!